



Doarpskrante **Linepraat**

Eagum, Friens, Idaerd en Reduzum

- Tiet en Griet in Nepal
- Deelauto
- De ienige echte!
- Biljarten op Terschelling



Desimber 2023

Altijd uitstekend bereikbaar!



Te voet, met de fiets, op de schaats, aanmeren met de boot of kiest u voor de auto? Jumbo Grou is altijd uitstekend bereikbaar. Bovendien parkeert u geheel gratis op ons grote terrein en kunt u gratis aanmeren aan onze steiger. Wij beschikken over een geldautomaat. Dat betekent voor u gemakkelijk en voordelig boodschappen doen!

Hallo

JUMBO
Grou



KLAAS,

Syn tabbert

flabbert him nei.

Ien hân foar it hynder

Ien hân foar de miter.

Sa fljocht er oer it dak

mei gemak

de stêd yn 't rûn.

Yn 'e jûn sjochst him

fleanen

Sjochst him gean

fan hûs nei hûs.

Yn in rûs

fan blidens

fan it hearren

nei it sjongen

fan de bern.

It sjen fan bliere snútsjes

Wa it moast sjongt kriget
lekkers

En wa net kriget it ek.

Wie de wrâld mar fol
klazen.

P . nov. '23



Untspulle

Ek al wer sa'n moadewurd.

Wêrom net gewoan opromje, of oan de kant dwaan, fuortgoaie ?
Yn dit gefal hat it syn reden.

No't de notaris yn it eardere gritenijhûs har domisylje hat, moat
it museum romte meitsje.

De hiele ôfdieling fan it souterrain waard sûnt 1956 brûkt troch it
Museum De Trije Gritenijen, der bliuwt mar in lyts hoekje oer foar
opslach fan Grouster âldheden.

Alle guod út de omlizzende doarpen giet sa folle mooglik werom
nei dy doarpen.

It liket wol Sinteklaas tiid, elts kriget syn part...

Der kaam bygelyks in ynliste print út 1834 fan in publike
ferkeaping oan de ' Idaarderweg onder Roordahuizum' op ús ta.

Prachtige âlde teksten, de iepening wol ik jim net ûnthâlde :

++ Eene uitmuntende Zathe en Landen, met derzelver Huizinge
en Schure, Hieminge en wel beplante Hovinge, Tuin en verdere
annexen, staande en gelegen aan den Idaarderdijk onder
Roordahuizum, groot volgens
kadastrale meting 12 bunders en ruim
98 roeden, alle beste hooge en zeer
vruchtbare


Greidlanden, bezwaard met 70 cents
per 36 ¾ roede jaarlijks maalgeld aan
de Molen van de Plaats van Jonker
Vegelin , door Klaas Schouwstra
bewoond en verdere ordinaire lasten.
De Huizinge, gekwoteerd no.68, zijnde
een Stelp in den jare 1822 nieuw
gebouwd, voorzien van twee prompte
Woonkamers, Stalling of Buithuis voor
32 koebeesten en 2 paarden, ruime
Schoor, Molkenkelder etc, met
derzelver ruime Hieminge en
welbeplante Hovinge, mitsgaders de
Melkijster, niet bezwaard met reed en
drift of voetpad, maar bevoorregt met
eene vrije reed en gangpad van het
En sa giet it noch in hiel skoft troch.
Oardel meter heech, in heale meter
breed.

Alles wurdt ta yn de puntsjes
beskreaun.

Eltse hikkepeal wurdt neamd, fan eltse daam wurdt sein wa't him
ûnderhâlde moat, wa' t mealjild betelje moat, want fan
ruilferkaveljen en wetterskippen koe men it bestean noch net.
Mar alles yn dy moaie, beskriuwend taal....

Wat soe men oer twahûndert jier fan dizze Linepraat sizze ?

Henk.



Kolofon

De Linepraat is de doarpskrante fan Eagum, Idaerd, Friens en Reduzum, ferskynt 11 kear yn 't jier op 'e leste tongersdei fan de moanne, útsein yn july. Oplage: 590 eksimplaren

Kopy kin oanlevere wurde fia linepraat@gmail.com yn Word lettertype Verdana 9. Tekst NET oanlevere yn pdf.

Redaksje: Henk Korf, Sietie Boersma, Geesje Oosterloo, Titia Tilma, Jantsje Kalsbeek, Janet Wijnstra en Dirk Vermeulen.

Printwurk: Theo v.d. Woud en Renus von Bannisseth

Oare Meiwurkers: Tsjikke Boonstra, Alie Fennema, Loekie Renia, Zus Tiesema, Thyske Oosterhof, Boukje Zijlstra, Annet de Vries, Minke v.d. Haak, Klaasje Sikkema en Geeske Smorenburg.

Leden: Alle ferienings út de doarpen kinne lid wurde. Hja betelje in fêste bydrage en kinne dan fergees eltse moanne harren teksten oanlevere.

Advertinsjes: Advertinsje kosten krije jo op oanfraach. In advertinsje perioade rint meastentiids fan augustus o/m juny. Tuskentiids pleatse of feroarje is wol mooglik. **In frijwillige bydrage is altyd wolkom op bankrekken nr. NL12 RABO 0356252612** Ynwenners fan de fjouwer doarpen krije de Linepraat fergees, omdat eltse ynwenner lid is fan in feriening. De 'post-adressen' betelje € 30 yn 't jier.

Hawwe jo net in Linepraat krigen, nim dan kontakt op mei Geeske Smorenburg til.602164

By kopy dy't te let binnen komt jouwe wy net de garânsje dat it pleatst wurdt. De redaksje mei kopy wegerje en ynkoartsje en is net oanspraaklik foar de ynhâld. Oankundigingen en oare kopij wurdt mar ien kear pleatst, útsein de ferslaggen fan jiergearkomsten.

Yn dizze Linepraat


Foarwurd / Gedicht	1
Kolofon / Ynhâld	2
Aginda / Ald papier	3
Tiet en Griet in Nepal	5
Sinterklaasfeest	7
Schoenopzetten	8
It stikje fan Koos	9
De dierenarts vertelt	11
Kort Nieuws	13-15
Dit bin ik	17
Wrafke	19
In memoriam Pieter Hofstra	20-21
Mededelingen	23
Doarpsbelang Reduzum	25
Swinlân	27
Kerk	29-30
QlubbRED	31
Energie coöperatie / Deelauto	33
Zonnepanelen	31
Skoalle	37-40
De laatste Eer / Film	41
Friens / Dy tiid hat west	43
Keatsen / Kuorbal	45-46
Gymnastiek / Voetbal	45
IJclub	49-50
Wisten jo dat...?	51
Biljarten op Terschelling	53
Toaniel ROTO	54

Word 'vriend van Linepraat'!

U ontvangt sinds jaar en dag deze dorpskrant elke maand **gratis** in de bus. Door oplopende kosten wordt dat steeds lastiger. U kunt ons helpen door nevenstaande QR-code te scannen en daarmee een **vrijwillige bijdrage van €5,-** over te maken. Bij voorbaat hartelijk dank!



Foto foarblêd: Hjerst oan 't Swin
(Foto: Dirk Vermeulen)



Agenda

1	dec	Act. Kommissje	Start verkoop Thúsblaze op 1 mrt
1	dec	Sinterklaas	Skuon sette bij Café De Welp (nei skoaltiid)
2	dec	Sinterklaas	Skuon opsykje 12:00-13:00 oere bij Kaphûs; Iel & Mear; Electra; of Op Stâl Deco.
9	dec	Kerst	Kerstfair Trije Romers 16:00-20:00
10	dec	Kerk	Reduzum 09:30 Mevr. E. Groeneveld (2 ^e Advent)
11	dec	DB Reduzum	Fergadering DB Reduzum It Lokaal 19:30 (Frije ynrin foarôf)
12	dec	Koffiedrinken	Lokaal achter de kerk 10:00
22	dec	QlubbRed	Krystgala
22	dec	Vrouwen v Nu	
24	dec	Kerk	Reduzum 22:00 (Kerstavond)
29	dec	Bijpraattafel	Café De Welp 16:30-19:00
31	dec	Kerk	Reduzum 19:30 (Oudjaarsavond)
7	jan	Nieuwjaar	Nieuwjaarborel van de Sakeclub en Activiteiten commissie en het Café. Vanaf 15:00 in Café De Welp
9	jan	Koffiedrinken	Lokaal achter de kerk 10:00
24	jan	Filmavond	Lokaal bij de Kerk 19:30
25	jan	Vrouwen v Nu	
26	jan	QlubbRed	Reedride
26	jan	Bijpraattafel	Café De Welp 16:30-19:00
27	jan	Toaniel	Vriendenkring Idaerd speelt "Yn 'e prizen"
30	jan	Toaniel	Vriendenkring Idaerd speelt "Yn 'e prizen"
3	feb	Toaniel	Utfiering toaniel Tusken Swin en Moezel Friens
5	feb	Toaniel	Utfiering toaniel Tusken Swin en Moezel Friens
9-11	feb	Toaniel	Toaniel ROTO
16	feb	QlubbRed	Falentyysfeest
1	mrt	Act. Kommissje	Tryater mei Thúsblaze
12	mrt	Linepraat	Jaarvergadering Skoalle 20:00
15	mrt	QlubbRed	Apres Ski feestje
12-14	apr	QlubbRed	Kamp Blierherne
4	mei	Deadebetinking	Tsjerke 20:00
27	mrt	Filmavond	Lokaal bij de Kerk 19:30
13-16	mei	Act. Kommissje	Kuiertrije daagse

Kopij Linepraat

Linepraat:	Uiterste inleverdatum kopij:	Verschijningsdatum:
December	22 nov tot 12:00 uur	30 november
Januari	13 dec tot 12:00 uur	21 december

Oud papier

	Idaerd	Friens	Reduzum		
2023					Reserve
08 nov	Joop	T. Tigchelaar	A. Mulder	S. van Balen	S. de Schiffart
06 dec	Tabé	A. Tjalma	M. vd Meulen	I. Vriesema	G. de Vor



SjdB

GEVEL- EN
DAKBEPLATING
PIR ISOLATIE



- | | |
|---------------------------------------|-------------------------|
| ✓ Geïsoleerde dak en gevel beplating | ✓ Bevestigingsmateriaal |
| ✓ Ongeïsoleerde dak en gevelbeplating | ✓ Zetwerk |
| ✓ Isolatie voor dak, wand & vloer | ✓ Dakgoten |

Tiet en Griet In Nepal

(Door een technisch mankement is dit verhaal niet afgedrukt in de Linepraat van november. Hierbij alsnog en onze excuses hiervoor. Redactie Linepraat)

Beste allemaal,

In april besloten we om mee te gaan met de reis van de Namasté Foundation naar Nepal.

Redúster Hilde Bleijswijk heeft deze Foundation opgericht in 2009 en organiseert sindsdien ook deze reizen naar Nepal.

Onder de vlag van de stichting, startte Hilde het Women Empowerment Project, waar kwetsbare Nepalese vrouwen een naaicursus of agrarische cursus krijgen zodat ze daarna aan een zelfstandige toekomst kunnen bouwen voor hen en hun kinderen. Na de training kunnen ze bij een werkgever aan de slag of een microlening van de stichting krijgen om hun eigen onderneming te starten.

Omdat we niet met lege handen aan wilden komen kwamen we op het idee om een high tea te organiseren in de 'tún fan Tiet en Griet'. In juli werd een oproep gedaan en in een mum van tijd was de high tea volgeboekt.



Op 10 september was het zover. We ontvingen maar liefst 27 dames in de tuin aan de Aytawei. Met van vrienden en familie geleende spullen werd de tuin omgetoverd tot een feestelijke high tea-tuin.

Het was prachtig warm weer en de livemuziek van Wiltsje van Peasens maakte het extra gezellig. We serveerden 12 heerlijke hapjes in 3 gangen, zowel zoet als hartig. 10 van de 12 hapjes waren homemade. Met maar liefst 6 smaken thee, gedoneerd door de voormalige theewinkel in Jirnsum, was het feest compleet. Om nog wat extra geld in te zamelen konden men loten kopen voor het draaiend rad en konden er na afloop van de high tea vers fruit, losse thee en heerlijke sjaals worden gekocht.



De vrouwen in het productiecentrum werken aan deze TIMI-sjaals.

TIMI staat voor 'This Is My Independence', jij een mooie sjaal, zij een toekomst.

We waren al blij met de opbrengst van de high tea maar er kwamen ook nog veel losse donaties binnen, ook uit onverwachte hoek.



Op 12 oktober reisden we af naar Nepal waar Hilde op 17 oktober het totaalbedrag bekend maakte tijdens ons bezoek aan het project. We waren erg blij verrast met dit hoge bedrag: er is maar liefst € 11.180 gedoneerd!!

Hiermee kan een nieuwe groep van 25 vrouwen een training en een lening ontvangen en begeleid worden naar een zelfstandige toekomst. Alle gasten van de high tea, vrijwilligers (bakkers, helpers, muzikanten en uitleners) en donateurs heel erg bedankt voor jullie bijdrage aan dit project. Zonder jullie was dit niet zo'n succes geworden!!!

Grietje, Titia, Jacco en Hillie

PS: Wil je meer over het project weten, alsnog doneren of zo'n fijne sjaal bestellen? Ga dan naar namastefoundation.nl voor de stichting en www.timi-shop.com voor de sjaals. Wil je ook een keer op reis naar Nepal? Neem dan contact op met Hilde via hilde@you2nepal.nl



De desimbermoanne stiet wer foar de doar.

In moanne mei donkere dagen, de kerskes oan ~~en~~ lekker ite.

Ha jo foar de feestdagen sin oan rikke iel of rikke salm ?

Bestel dan op 'e tiid op 0566-602039 of 06-24666457

Dan soargje wy dat dit foar jo klear leit.

Ale en Marjan

Iel en mear

De iennige echte!

At jimme dit lêze, bin ik alwer yn Reduzum oankaam. Dat hoopje ik alteast. Want jo witte it mar nea. Ek Sinteklaas kin samar wat oer komme! Ferline jier ommers noch, grut ûngemak mei de stoomboat. Och, wat hawwe de bern der allegearre oer yn sitten, mar lokkich bin ik dochs op 'e tiid yn Nederlân telâne kaam. En as de dei fan juster stiet my by dat ik mei de prachtich fersierde pream fan Ale de Fisker de haven fan Reduzum ynfear. En ek dat gong mar krekt goed! Wat stiene alle berntsjes lûd te sjongen op 'e wâl en wat skynde de sinne geweldich moai; myn hampelpiten fergeaten domwei de meartouwen oan de steger fêst te meitsjen! Lokkich koe ik krekt mei myn lange biskopsstêf master Arnoldus op de kade rikke en sadwaande waarden wy troch him moai nei de kant ta loadst. Master Arnoldus, altyd like entûsjast, optein en behelpsum! Hy liet de bern fleurich sjonge dat it in aard hie, geweldich. Wat in waarm wolkom!



Dêrnei mocht ik yn in kabriolet stappe en bin ik it hiele doarp troch troane. Eltsenien stie oan de kant fan de dyk te swaaien en Sinteklaas ta te roppen en in hiele kloft makke efter de auto oan mei in slach troch de buorren. Fansels stoppen wy by kroechbaas Jeroen om yn de boppeseal mei de bern noch in noflik momint mei te meitsjen. Sinteklaas waard traktearre op tal fan ferskes, spultsjes en grapkes en de hampelpiten struiden mei de pipernuten yn 't rûn. Sels bin ik op 'e tekst west oer wat ik belibbe hie mei Ozosnel, myn trouwe hynder dat syn foet ferstûke op it Legedykje. Lokkich hie bistedokter Frank fan Idaerd him goed fersoarge en wer better makke! It is op sa'n dei altyd wer merakels om te sjen hoe't pjutten, beukers en ek it al wat âldere jongfolk sa opgean yn it sinteklaasfeest. Dêr kin ik och sa fan genietsje!

Nei ôfrin waarden Sinteklaas en de piten bedoarn mei in hearlike kom selsseane sop yn it lokaal. Koene wy efkes bekomme fan alle goed bedoelde drokte. Dêrnei befalt jin samar de lea en leit in lyts knipperke op 'e loer. Sadwaande hie ik krekt de miter ôfset en soe ik my yn in geryflike stoel deljaan; dêr begûn myn mobyltsje te rideljen. Bistedokter Frank oan de line! En op syn werkenbere rimpene en driuwende franktoan klonk: 'Ik heb je eigenlijk nodig, Sinterklaas!'

No moat ik earst wat útlizze. Lang lyn, yn in hiel fier ferline, hat Sinteklaas as jongfeint foar bistedokter leard. En letter hat er dat berop ek noch in behoarlik skoft yn praktyk brocht. Dat mocht ik stomme graach dwaan! Foaral de ferloskunde, it jonge guod op 'e wrâld helpe, dat fûn ik geweldich moai wurk. En ien fan myn spesifike kwaliteiten op dat mêd, dat wie in slach út it lêch draaie by in ko yn 'e fleagen. Hoe dat dan? Wol, ik haw in lange earmslach! En dat wie krekt wat bistedokter Frank op dat stuit nedich hie: immen mei in lange earm! Sadwaande andere ik: 'ik kom fuortdaliks!'

In goed kertier letter ried ik troch de homeie fan it Wolvelân it hiem by Ids op. Hokker Ids? Yndied, de ferneamde hurdrider fan Dearsum, de gouden medaljewinner fan Nagano! Doe't ik dêr yn de ôfkealstâl kaam, trof ik in soarte fan slachfjild oan. Eins wie it mear in slachtfjild ... Frank wie al in hiel ein op streek om in dea keal út in ko te fearnjen. De kop, foarpoaten en de romp leine yn stikken ferspraat efter in ko, dy't langút yn 't beblatte strie lei en skjien oan ein wie. Eins krektlyk as Frank sels. Mar it waard my dúdlik dat allinne it krús fan it keal noch yn 'e ko siet. En dat Frank syn earms krekt te koart wiene om de lêste lus fan de triedseage troch dat krús fan 't keal te heljen. Om in lang ferhaal wat yn te koartsjen, in goed healoare nei't Sinteklaas de miter efkes ôfsetten hie, lei er langút efter in ko yn har bunt om te pielen om dat bist fan it lêste stik fan har keal te ferlossen. En dat wie dreech om't it al in skoft lyn wie dat ik soks by de ein hân hie. Mar it slagge! Ids optein, Frank bliid, de ko ferromme en Sinteklaas grutsk as in pauze dat er dit noch opbringe koe. Mar ik wie troch alle konsternaasje wol in bytsje út 'e liken ...

Dyselde nacht haw ik mar net mear it dak op west; ik haw sliept as in mûr. De oare moarns hat myn haadpyt noch withoelang dwaande west om alle strieteisters út myn burd te fandeljen. Sels it bloed siet my noch efter de earen! It hat wol oardeloere duorre ear't ik wer de streek op koe. Lykwols binne der minsken dy't sizze dat ik net mear alles allinne oan kin en dat helpsinteklazen nedich binne om my en myn piten te hantlangjen. Dat is dus perfoarst net wier! Lit de lju rabje, helpsinteklazen besteane net! En at hja der al binne? Dan binne dat ferrifelsinteklazen! Sinteklaas dy't in bistedokter yn need helpt? Jawis, dy bestiet wis en wrachtich wol! En dat is de iennige, echte Sinteklaas!

SCHOEN OPZETTEN!



Zaterdag 3 december tussen
12:00 en 13:30 uur opzoeken bij:

- * KAPHÛS
- * ELECTRA
- * IEL EN MEAR
- * OP STAL DECO



Koffie drinken in het lokaal

Elke tweede dinsdag van de maand



Lijkt het u ook gezellig om eens per maand
met anderen te koffiedrinken?

Dit kan op dinsdag 12 december
om 10 uur in het lokaal achter de kerk.

Voor meer info telnr.: Jelly v.d. Zijl: 0566 602399

Wolwêzengroep

Tsjinstplicht en Wijster

Sa no en dan wurdt der yn ús lân wer praat oer it ynfieren fan de (maatskiplike) tsjinstplicht. Jierliks soene dan 200.000 jongeren by de kriichsmacht komme of in maatskiplike tsjinsttiid kieze. Dy ferskriklike rot oarloch yn Oekraïne en ek de striid tusken Israel en Hamas spilet dêr fansels in rol yn.

De mieningen oer it wer ynfieren binne bot ferdield. In protte minsken tinke dat de tsjinstplicht al lang net mear bestiet, mar dat is net sa. De tsjinstplichtwet is noch altyd fan krêft, mar de opkomstplicht is al mear as in kwart iuw útsteld. Sûnt 1997 wurde der gjin minsken mear oproppen. Nei de Twadde Wrâldoarloch en de dêropfolgjende Kâlde Oarloch moasten hast alle jonges dy't lichaamlik en geastlik geskikt achte waarden opkomme. Nederlân krige sa in grutte kriichsmacht.

Ik ha de tiid noch meimakke dat it de plicht wie om yn militêre tsjinst te gean. Ik waard nei myn stúdzje yn septimber 1975 (lichting '75-5) oproppen. Ik moast nei Veldhoven, nei it Piroc (Pantser Infanterie Rij- en Opleidingscentrum). Dêr op it Prinses Irenekamp helle ik it grut rydbewiis. Twa moanne duorre dy oplieding en doe wie ik sjauffeur op in YP-408. In YP is in DAF, in Nederlânske pânserde ynfanterytransportwein. It waard yn de foarste linys brûkt om ynfanteristen fluch en beskerme te ferpleatsen. Dizze pânserwein hat acht tsjillen dêr't seis fan oandreaun wurde, de foarste twa en de achterste fjouwer. Der wie plak foar ien sjauffeur, ien boardskutter, ien kommandant en sân ynfanteristen. De stielen 'bak' wie bewapene mei in swiere Browning M2.50 mitrailleur.

Nei de oplieding waard ik legere yn Stienwyk yn de Johan van den Kornputkazerne. Van den Kornput wie in Nederlânske militêr yn de Tachtichjierrige Oarloch. Hy is benammen bekend fan syn ferdigening fan Stienwyk yn 1580 en 1581. Stienwyk, moai tichteby Reduzum. Ik kocht myn earste auto, in Opel Olympia, by Jan Velstra (Jan Tammes) op De Trije Romers. Moarns healwei sân en de hinnerreis, jûns foar seizoen wer thús. In protte saken koene gewoan trochgean, allinne oerdeis wie ik yn Stienwyk. Ik kuorballe yn it earste fan Stânfries en dat woe ik net graach misse. Mar in soldaat moat ek wolris op oefening, bygelyks nei Dútslân. Ik ha wol brieven meihân fan wethâlder en lokoboargemaster Germ van Essen fan Idaerderadiel en fan Durk van Gorkum, doe de foarsitter fan Stânfries. De strekking yn dy brieven wie altyd dat ik ûnmisber wie. It kaam der op del dat as ik net frij krige in festiviteit of wedstriid net trochgean koe. Dat hat in tal kearen holpen, mar it slagge fansels net altyd.

Ik ha net in brief meihân yn desimber 1975, dat koe ek net. Ik wie yn novimber paraat wurden en yn Stienwyk kommen. Op tiisdeitemoarn 2 desimber fan dat jier waard by Wijster (Drinte) in trein ta stilstân brocht. Sân bewapene Súd-Molukske jongeren hiene de trein kaapt.

It stikje fan Koos

Se striben nei in ûnôfhinklike Republyk fan de Súd-Molukken.

By dizze gewelddiedige aksje foelen trije deaden: de masinist en twa passazjiers waarden troch de kapers deasketten.

Yn de kazerne fernamen wy der earst net it measte fan. Dat feroare doe't der mar gjin ein oankaam. Soldaten fan de kazerne út Súdlaren wiene al sûnt it begjin fan de aksje yn de buert fan de trein. As der neat feroare moasten wy dy jonges nei it wykein ôflosse. En sa gong it. Op moandei 8 desimber setten wy ôf nei Wijster. It wie earnst. As sjauffeur fan de YP hie ik in uzi as wapen. Yn it magazyn fan dy pistoalmitrailleur koene 20 skerpe patroanen en dy kamen der ek yn. Dat barde oars noait. Wy stiene op in lytse fiif minuten rinnen fan de trein, yn in daam tichtby in pleatske. Alles wie ôfsetten. Us sliepsekken kamen boppeyn de heaberch fan de boer. Us opdracht wie koart en dúdlik: alles wat oer it dykje kaam rjochting de trein oanhâlde en freegje nei de reden. Fierder seagen we it fjild oer, yn de nacht diene we dat út de YP wei mei in ynfreadkamera (nachtsichtkamera). It wie trije oeren op, trije oeren ôf. Yn de nacht mochten we ek patrûlje rinne. Dan rûnen we mei syn twaen rjochting de trein. Dy stie yn it ljocht fan skynwerpers. Wy gongen dan nei in pleatske dêr't in EHBO-post wie. Der hiene se lekkere snert en ek roggebrea mei spek. We koene wol wat waarmte brûke. Dat koene se yn de trein ek wol. Letter kamen de ferhalen út de trein. It wie in nachtmerje. Der hearden de wurden panyk, deabenaud, iiskâld, hongerich en smoarch by.

De dagen gongen foarby, der barde net it measte. Op in jûn hie ik mei Rob, in Amsterdammer dy't yn it tsjuster benaud wie, de wacht. Der kaam in auto oan mei in steltsje fan in jier as tweintich. Se woene graach by it bungalowpark sjen dat tusken ús post en de trein lei. Oer twa dagen soene se trouwe en de earste houliksnacht yn dat park trochbringe. Mar koe dat wol, woene se dat wol? Se ha sjoen en seine dat it goed wie. Twa dagen letter midden yn de nacht – we stiene wer op wacht – kaam it no troude stel wer foarby. Fansels krigen se ús lokwinken en út de kofferbak fan har auto krigen wy gebak, sigaren en sigaretten en sterke drank. Der wie op de brulloft genôch oerbleaun.

Op sneintemoarn 14 desimber wie it ien en al drokte. Strieljagers yn 'e loft, sike-auto's dy't oer 'ús' dykje nei de trein rieden, plysjes, maresjesees. De ûntknoping wie koart en lokkich sûnder bloed. Wy wiene bliid, krigen fan de behearder fan it bungalowpark in húske en plompten yn it bad. De drank fan it troude pear smakke geweldich. Mar dêrnei nei hús koe noch net. Der waarden in protte 'ramptoeristen' ferwachte, dat we ha noch in nacht it fjild yn 'e gaten holden. Wat makke it ek út, it kuorbalwykein wie dochs al foarby. De moandeiis wer nei Stienwyk en foar seis oere jûns thús. Koos Wieling

Klear foar de takomst!

- Dealer van: Abarth, Citroën, Fiat, Fiat Professional, Jeep, Opel, Peugeot en Suzuki
- Erkend reparateur van: Alfa Romeo & DS
- Eurorepar Car Service
- Duurzame zakelijke mobiliteitsoplossingen

Haaïma Hylkema voor iedereen

HAAÏMA HYLKEMA BURGUM

Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Mr. W.M. O. v. Veenweg 34, 9251 GA Burgum - T: 0511 46 98 22

HAAÏMA HYLKEMA DOKKUM

Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Rondweg-West 160, 9101 BG Dokkum - T: 0519 292 303

DRACHTEN | OPEL

De Knobben 25, 9202 XH Drachten - T: 0512 51 44 55

DRACHTEN | PEUGEOT

Servicepunt Citroën Fiat Jeep Opel Peugeot
De Bolder 83, 9206 AP Drachten - T: 0512 54 56 00

EMMELOORD | CITROËN PEUGEOT

Traktieweg 20, 8304 BA Emmeloord - T: 0527 61 36 35

EMMELOORD | OPEL

Servicepunt Fiat Fiat Professional Jeep Opel
Produktieweg 12, 8304 AV Emmeloord - T: 0527 69 81 31

LEEUWARDEN | CITROËN PEUGEOT

Coronaweg 2, 8938 CA Leeuwarden - T: 058 288 20 18

LEEUWARDEN | FIAT JEEP OPEL

Leo Twijnstrastraat 2, 8923 EL Leeuwarden - T: 058 266 62 55

HEERENVEEN | ABARTH CITROËN FIAT FIAT PROFESSIONAL JEEP

Servicepunt Alfa Romeo Citroën DS Opel Fiat Jeep
Skrynmakker 20, 8447 GH Heerenveen - T: 0513 610 022
Alfa Romeo en DS aftersales

HEERENVEEN | FIAT PROFESSIONAL OPEL

Bedrijfswagens Fiat Professional Citroën Opel Peugeot
Kattebos 162, 8446 DB Heerenveen - T: 0513 62 21 00

HEERENVEEN | PEUGEOT

Beurtschip 35, 8447 CL Heerenveen - T: 0513 62 27 44

FRANEKER | OPEL

Edisonstraat 1, 8801 PN Franeker - T: 0517 39 56 65

FRANEKER | PEUGEOT SUZUKI

Servicepunt Peugeot Citroën Fiat Jeep
James Wattstraat 4, 8801 PK Franeker - T: 0517 39 76 00

SNEEK | OPEL

Edisonstraat 1, 8606 JH Sneek - T: 0515 42 20 55

SNEEK | PEUGEOT

Servicepunt Peugeot Citroën Fiat Jeep
Kolenbranderstraat 9, 8601 VC Sneek - T: 0515 54 81 11

WURDUM | BEDRIJFSWAGENCENTRUM

CITROËN FIAT PROFESSIONAL OPEL PEUGEOT
Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Werpsterdijk 1, 9088 BZ Wurdum - T: 058 255 13 02



Recept voor de feestdagen

De kerstballen, -bomen en -lichtjes staan al in de winkel, en nu het buiten soms echt hondenweer is, is het duidelijk: we zitten in de laatste maanden van het jaar! Een gezellige tijd met lekker eten (pas op met chocolade bij de huisdieren), maar ook een tijd om ons voor te bereiden op het knallende uiteinde van 2023.

Terwijl de ene kat in de vensterbank vol bewondering kijkt naar de felle kleuren in de lucht, duikt een andere hond het liefst onder de bank bij knalvuurwerk in de verte. Gelukkig zijn er wat manieren om ze door de feestdagen te helpen, maar begin op tijd! Internet biedt filmpjes met vuurwerk-



en/of geluidstraining. Terwijl zo'n filmpje wordt afgespeeld, eerst zacht, en later steeds harder, doe je iets leuks met je huisdier. Zo gaat hij vuurwerk ook associëren met iets positiefs. Doe dit ook zeker bij jonge dieren, vóórdat ze angst ontwikkelen.

Met supplementen in of door voeding zorgen we voor het opbouwen van rustgevende stofjes in het lichaam. Ook dat heeft het lichaam niet in één keer voor elkaar, dus is het zaak er op tijd mee te beginnen. Voor honden is er in de laatste dagen van het jaar eventueel medicatie om angstprikkels te remmen, informeer alvast of die medicatie ook geschikt is voor je viervoeter!

Het recept van training, supplementen en aanvullende informatie voor de huisdieren ligt klaar. Dan is het nu tijd om het gourmetstel af te stoffen en recepten voor toetjes en oliebolletjes uit te proberen. Ook daar kunnen we niet vroeg genoeg mee beginnen, toch?

Sabine Vriesema

DE BIJPRAATTAFEL



**op vrijdag 24 november
van 16.30 tot 19.00 uur in het café**

Jelly en Rinie

Axon Fysiotherapie

Uw prikkel tot
herstel



Praktijk voor onder andere:

- Fysiotherapie
- Manuele therapie
- Dry needling
- Fitness & revalidatie
- Behandeling na operatie
(ook aan huis)

Bijzonder gespecialiseerd in behandeling van:

- Rugklachten
- Nekklachten
- Schouderklachten
- Hoofdpijn & duizeligheid
- Chronische pijnklachten



AXON FYSIOTHERAPIE

Locaties

Axon Fysiotherapie
Skoallestrjitte 11, Deinum

Gezondheidscentrum Nij Franjum
Franjumbuorsterpaed 10, Marsum

Gezondheidscentrum it Kleaster
It Kleaster 1, Wytgaard

Telefoon

(058) 254 22 83

Email

info@axonfysiodeinum.nl

www.axonfysiodeinum.nl

Mei-inoar boartsje!

1,5 jaar geleden is Doarpsbelang gestart om de speeltuin van de Smedingstrjitte met aangepaste speeltoestellen geschikt te maken voor kinderen met een fysieke beperking. Uit meerdere fondsen is een bedrag van 23.000 euro gekomen om twee toestellen aan te schaffen. Helaas is afgelopen week een van de toestellen door brandstichting vernield, nog voordat de officiële opening heeft plaatsgevonden. De vernieling heeft een flinke impact. Doarpsbelang wil graag in contact met de ouders en/of ouders komen om in gesprek te gaan hoe dit opgelost kan worden.

Klussendienst

Voor de maanden December 2023 en Januari 2024 is Jelly van Zijl (06-22388537) het aanspreekpunt voor de klussendienst van de werkgroep Wolwêzen.

Frijwilligers Linepraat

Tiisdeitejûn 31 oktober wienen der 27 frijwilligers fan doarpskrante de Linepraat nei de Wartenster ta riden om dêr mei elkoar te genietsjen fan in hearlik buffet as tank foar harren wurksumheden foar de Linepraat. Nei in wurd fan wolkom fan de foarsitter Menno Wiersma wêr't hy ús witte liet dat Jacob Nauta eigner en de kok fan dizze jûn, fernuvere wie dat der safolle frijwilligers by ús doarpskrante belutsen binne. Om't de Linepraat bliid is mei safolle frijwilligers binne we dizze jûn gesellich mei elkoar fuort, út iten. Elkenien moast wol in eigen bydrage beteltje mei it each op de finasjele posysje fan de Linepraat.



It buffet waard iepene troch de âldste frijwilliger Hylke Hylkema fan de Trije Romers. Under it genot fan it hearlik iten en

in drankje koe elkenien gesellich mei elkoar byprate. Rûn de klok fan tsien oere gong elkenien wer op hûs oan. We kinne werom sjen op in tige slagge jûn!

Bushokje Friens



It bushokje fan Friens hat op 't heden in ekstra sitplak. Je kinne der, as je wachtsje op de bus, efkes rêst nimme foar de reis. Mar miskien moatte de busreizgers ek wol bekomme fan de busreis en kinne se op dizze stoel genietsje fan it útsicht op Friens.

Reduzum in de NRC

Doarpsbelang krijt wel vaker mail, maar deze keer was het een hele bijzondere: "Voor NRC werk ik aan een artikel over succesvolle initiatieven in gemeenschapszin en Reduzum lijkt mij daar een mooi voorbeeld van. Heeft iemand van jullie vereniging misschien tijd voor een telefonisch interview volgende week?"

Djoke, de voorzitter, heeft gebeld en een paar dagen later stond de journalist Wouter van Noort bij haar op de stoep voor een interview en een rondje door het dorp. Het artikel stond 11 november in de NRC.

Pepernoot of Kruidnoot

Ieder jaar is het weer de vraag: "Wat is nu eigenlijk het verschil tussen een pepernoot en een kruidnoot. Dus hebben we contact gezocht met Sinterklaas en die kwam met de verlossende oplossing.

Pepernoten zijn van taaitaai en zijn niet knapperig maar zocht en taai. De vorm is hoekig en ze zien er onregelmatig uit.

Kruidnoten smaken naar speculaas, zijn knapperig en rond van vorm. Bedankt Sinterklaas voor de uitleg.



WWW.KLEISTUDIO.NL



REDUZUM
MARGRIET KRIJGSHELD



Haedstrjitte 13
9008SM REDUZUM
06 53309122

* HANDGEMAAKT KERAMIEK * SERVIES *
* MOKKEN * UNIEKE CADEAUS * KOPJES *
* STEENGOED * KOMMEN * VAZEN * POTTEN *



Ze serveren zelfs thuis!

Zeven dagen per week een driegangen diner naar keuze. Lekker uit eten in ons restaurant of thuisbezorgd door onze maaltijdservice. Service van Leppenheim, voor iedereen.

gewoon jezelf blijven



Leppenheim...
mienskipssintrum

Leppedyk 37, 8491 GJ Akkrum
T (0566) 654 654
I www.leppenheim.nl

Bernedeiferbliuw Bernewrâld




Haedstrjitte 29, Reduzum
info@bernewrâld.nl
www.bernewrâld.nl
06-10099030/0566-602434



Repair Center Friesland

Piet Posthumus

Reparatie van:

- ✓ Telefoon & Fax
- ✓ Audio & Video
- ✓ GSM & DECT

Haven 21
9008 SX Reduzum
Tel: 0566 602158
Fax: 0566 602195
Gsm: 0651 749649

ITBO 
UW IT SPECIALIST
ITBO.NL

CONTACT
info@itbo.nl
06-37383735

WEBSITE
www.itbo.nl



Jelte Bokma

Jeugdwurk Friens

Het Jeugdwurk seizoen voor de basisschoolleerlingen in Friens is weer van start gegaan. Met 9 enthousiaste kinderen zijn we naar de



voorstelling: 'De magische kast' van Huub Cooijmans in de Lawei geweest. Een uur lang werden we getraakteerd op: magische trucs, grappige twist's, jongleerkunsten en verrassende effecten. De kinderen en ook de ouders hebben ontzettend genoten!

Uit de oude doos

(Bron Leeuwarder Courant 16-8-1975)

Iedereen in Friens kent het verhaal van het spook van het kerkhof. Het is enkele jaren geleden gebeurd. Koster en doodgraver Pieter Sjonger (32) vertelde toen aan een Hilversumse logé dat de oude baron Van Sytzama elke nacht om twaalf uur zijn hoofd het graf uitstak om zich door Sjonger te laten scheren. Het meisje lachte wat om dit verhaal, maar zou nog tot haar grote schrik merken, dat er echt een Frierzer spook bestond. Dat was 's avonds, toen zij samen met des koster echtgenote, Jannie Sjonger-Eitens, terugkeerde van een avondvisite aan de andere kant van de kerk. Pieter Sjonger had zich inmiddels verdukt op het kerkhof opgesteld en een wit laken bij zich gestoken.

Toen beide vrouwen het kerkhof naderden, gordde hij het laken om en rees als een spook omhoog van achter het struweel. De gevolgen waren er dan ook naar: twee gillende vrouwen, die fietsend voor hun leven huiswaarts stoven.

Reduzum bloeit in 2024 en 2025

Krachten bundelen op thema's als klimaat, biodiversiteit, waterkwaliteit, voedsel, stikstof, dierenwelzijn en eenzaamheid... Daar ging Wergea bloeit over. Op de werkgroepen bijeenkomst van 12 oktober heeft Bouwe de Boer van Fossylfrij Fryslân hierover een inspirerend verhaal verteld. DB Reduzum is ook enthousiast en probeert dit volgend jaar ook van de grond te krijgen. Eerst een

Kort nieuws 2

weekend in 2024 en daarna een week in 2025! Doarpsbelang zoekt dorpsgenoten die met ons mee willen denken en organiseren. Wie doet er mee? Kijk voor inspiratie eens op de website van Fossylfrij Fryslân over Wergea Bloeit. Via doarpsbelang@reduzum.com kun je je interesse doorgeven.

Oproep voor oude nummers van de Linepraat.

Bij het archief van Tresoar in Leeuwarden wordt al jarenlang de Linepraat bewaard. Nu bleek bij een controle dat ze de Linepraat de laatste jaren niet meer hadden ontvangen. Hun laatste nummer was het augustus nummer van 2019. Tresoar wil graag hun collectie aanvullen. Hiervoor vragen wij uw hulp in. Dus wie nog één of meerdere oude Linepraat-ten in zijn bezit heeft en ze kwijt wil laat het ons weten via linepraat@gmail.com.

Het gaat om de volgende nummers:

- 2019: sep, okt, nov, dec.
- 2020: alle maanden (11)
- 2021: alle maanden (11)
- 2022: alle maanden (11)

Namens Tresoar en de Linepraat alvast bedankt. Op deze wijze blijft er een stuk historie van onze dorpen bewaard.

Productiecijfers Mûne de Trije

De beste windmaanden staan weer voor de deur. In september scheen de zon volop, maar voor de windmolen was dat ongunstig. Hoe meer hogedruk gebieden er zijn, des te minder wind. September kon rekenen op een dikke 100.000 kWh. Daarna zette de herfst in en dat heeft geresulteerd in een hogere opbrengst in de maand oktober. In deze maand is er meer dan 220.000 kWh geproduceerd. In de eerste tien dagen van november is er al 120.000 kWh opgewekt. Dit is al genoeg om 48 huishoudens een jaar lang te voorzien van elektriciteit bij normaal gemiddeld gebruik.

Sa waard der stimt in Reduzum

Yn totaal waarden der yn de Trije Doarpen Skoalle 840 stimmen útbrocht. De PVV krige mei 184 de measte stimmen. GroenLinks-PvdA waard twadde mei 170, folge troch NSC mei 134. BBB krige 104 stimmen. Dernei kaam de VVD mei 86; D66 en SP mei 39 en it CDA mei 30 stimmen. Forum voor Democratie hie 14, Volt 9, Partij van de Dieren 8 en BVNL/Groep van Haga 6. De Christen Unie en JA21 kriegen 4 stimmen, 50Plus 3 en LEF 2. BIJ1 krige 1 stim. Der wiene twa blanko stimmen en ien stim wie net jildich



Beste inwoners van Reduzum-Idaerd-Friens

De tijd vliegt om, we zitten alweer in de maand november. De donkere dagen voor kerst zijn weer aangebroken.

Graag wil ik via deze manier laten weten dat Hoveniersbedrijf T. Velstra ook dit jaar

*****KERSTBOMEN*****

verkoopt op de Trije Romers 11 te Reduzum.

We hebben in december verschillende soorten en maten op voorraad. Dus wees er snel bij.

openingstijden:

Maandag tot vrijdag: 13:00uur tot 18:00uur

Zaterdag: 9:00uur tot 17:00uur



hoveniersbedrijf T Velstra / De Trije Romers 11 te Reduzum / tel: 06 180 666 04

“tekenje en pizza ite op de dei fan Suze”

troch Janet Wijntstra

Mei wa wennest hjir?

Mei myn Heit Klaas, myn mem Sepkje, myn broerkes Pieter en Wisse en noch hele folle bisten. We ha safolle bisten omdat dit handich is, fan barchen krije je fleis, fan hinnen aaien, fan loopeinen aaien. Loopeinen dy rinne in bytsje as pinguinen. Se frette de slakken en rûpen op út ús grientetún. Ik fyn de reade biet út eigen tún it lekkerst.

Yn hokker groep sitst do en wa is dyn master of juf?

Ik sit yn groep 8 fan meester Jildert. It is in hiele gesellige en leuke klasse. We helje grappen út bij meester Jildert. Hij is fan Cambuur en toen hiene we de hiele klasse omtovere tot in Heerenveen supporter klasse. Meester lei yn in deuk toen hij it seach.

Ast do net nei skoalle hoechst wat dochst do dan it leafst?

Tekenje of geschiedenis sjen. Ik tekenje it leafst popkes of foarmen of sels betochte wezens. Ik ha ek tekenles yn de Blokhuispoort yn Ljouwert. We ha yn 6 wiken, dat is ien blok en dan meie we in thema útsykje bijvoorbeeld beesten. We gean dan elke kear in beest meitsjen. We tekenje mei alles, it leafst wurkje ik mei aquarelferfe. Geschiedenis fyn ik de twadde wereldoorlog interessant. Omdat ús familie dit ek meimakke hat en it is gewoan heel interessant wat er toen is gebeurt allegear.

Wêr soudest do noch wol ris nei ta wolle?

Nei in waarm lân: Mallorca. We geane yn de winter al op wintersport en ik wol graach in kear fleane. Ik ha noch nooit flein, ik tink net dat dit heel spannend is.

Hoe soe dyn moaiste dei der út sjen?

Iederien giet tekenjen en we ite pizza. We geane mei heel Reduzum dan in hele grutte tekening meitsjen. We dogge dit dan op it sportfjild. En dan dernei nei it Anne Frank hûs mei syn allen.

DIT BIN IK

Yn dizze rubriek meitsje we kennis mei bêrn út Reduzum, Friens, Idaerd as Aegum. We stelle se in oantal fragen oer it libben, tinkwizen en ferwachtingen. Dizze kear is Suze Hijlkema oan de beurt. Suze wennet op de Ayttawei yn Reduzum.



Wat fynst do it leukste plakje yn Reduzum?

Us hûs omdat it hiel âld is en grut. De wenkeamer en myn sliepkeamer fyn ik it moaiste. Myn tekeningen bewarje ik yn in map ûnder myn bed. Sommige fynt mem sa moai dat we dr in lijst om dogge.

Wat dochst do oer 10 jier?

Ik wit net wer ik dan wenje. Ik tink dat ik dan geschiedenis studeer. Ik wol graach binnenhuisarchitekt wurde. Ik fyn it leuk om yn huzen te wêzen en mei kleuren iets te dwaan ensa. Mar ik wol ek wol yn it Rijksmuseum wurkje.

Ast do de baas bist fan de wrâld wat soudest dan feroarje?

